

Diplomakeatsen 2012

Ien kear yn de twa jier ha we it diplomakeatsen op it programma stean, sadat elts bern yn eltse kategory sjen kin hoe as it giet. Der wiene 45 bern dizze 17 july op 'e fjilden en in soad frywilligers (geweldich).

Mei it ynstruksje boekje fan de KNKB derby, wêr de spultsjes ynsteane en de ôfstannen dy se dwaan moatte foar de op- en útslach koene we oan de slach.

Alle bern diene tige harren bêst om in sa heech mooglike score op 't diploma te krijen. Tusken troch noch in patatsje en wat te drinken, en mei troch de help fan de frijwilligers wie it in slagge jûn.

De Jongereinkommisje



Opjette keatspartijen

Jeugdepartijen	tagonklik foar alle jeugdleden
Federaasje partijen	tagonklik foar keatsers dy't by de goede ôfstannen opslaan kinne en de basis spulregels goed witte
KNKB partijen t.i.l.	tagonklik foar alle keatsers út dy kategory dy minimaal oan de troch de KNKB stelde noarmen foldocht
KNKB partijen ôfdieling	tagonklik foar de keatsers dy troch de TK oanwezen wurde

Opjette ledepartijen	e-mail: opjettejongerein@kfeasterein.nl
Woansdei partij	foar sneintejûn 20.00 oere digitaal. Jim krije in befêstiging wer werom.
Sneons partij	foar tiisdeitejûn 20.00 oere digitaal. Jim krije in befêstiging wer werom.

Opjette KNKB as FEDERAASJE wedstriid

1. Klik op wedstriidagenda op de KNKB site: www.knkb.nl
2. Zoek je wedsrijden op d.m.v. datum of wedstriidsoort.
3. Vul je bondsnummer* en geboortedatum in, druk op volgende. Indien de opgave toegestaan is, dan zal jouw naam automatisch in het scherm verschijnen.
4. Vul een e-mail adres in voor opgave bevestiging.
5. Bevestigen en je ontvangt een bevestiging, komt per mail.

Let op: De sluitingsdatum is op de **dinsdag 19.00 uur vóór de wedstriiddatum.**

Na verzenden staat elke keatser die zich opgeeft voor een wedstrijd op een aanmeldlijst die meteen zichtbaar is op de site.

** Weet je je bondsnummer niet? Dit staat op je competitiekaartje en bel anders je teamleider...*

APRIL 2013

Fan de Jeugdkommisje

De dagen wurde wer langer en it gers wurdt wer griener, dat kin mar ien ding betsjutte... **KEATSE!!** De measten fan jimme ha de keatswant fêst al út de kast helle omdat jim al drok oan it trainen binne en foar dy oaren jild gau út de kast weihelje dat ding, want wy binne der klear foar. Jim dochs ek?? Foar de 3e kear krije jim no dit ynformaasjeblêd mei allegearre leuke en belangrike nijsjes, dus sjoch der mar ris goed nei. En miskien kinne jim jimme namme of 'koppie' ek wol ergens op in foto fine.

It kompetysjekeatsen begjint dit jier op **tiisdei 7 maaie**, dus tink der goed om dat jimme **foar snein 5 maaie 20.00 oere** jimme kaartsje by Annette Kroondijk ynleverje!

Dit jier binne der foar jim 6 ledepartijen wer eltsenien dy't lid is oan meidwaan mei. Leuk mei syn allen keatse en der in gesellige dei fan meitsje! En miskien ek noch in priis as in krânse winne! Ek binne der fansels wer federaasje en KNKB partijen. Fierderop yn dit krantsje steane de opslachmeters wer ast by wei slaan moast om oan dizze wedstriden mei te dwaan. Lukt dat noch krekt net, mar liket it dy wol leuk om mei te dwaan, kinst op de kompetysje as oan dyn keatstrainer freegje om hjir noch efkes ekstra op te oefenjen. Dan kinst ek ris nei in oar doarp te keatsen wer ast ek wer allegearre nije keatsfreonen en freondintsjes kinnen learst, leuk toch? Ast aanst yn it seizoen hiel graach iets witte wolst, in fraach hast of miskien wol goeie ideeën oer bygelyks wedstriden as prizen, twifelje dan net en gean nei dyn teamlieder, dy steane ek fierderop yn dit krantsje.

Fierder wolle wy as jeugdkommisje jim in hiel moai en sportyf keatsseizoen tawinskje en wy hoopje jim dan ek in soad op 'e keatsfjilden yn Easterein en omkriten te sjen!

NK

Zaterdag na het dorpsfeest naar het NK pupillen meisjes in Akkrum. Zonder veel verwachtingen, want de andere afdelingswedstrijden deden we het niet zo goed. Toch vonden we het best spannend, maar ook wel weer heel erg leuk.

De eerste omloop moesten we tegen Hallum dat hebben we met 5-1:6-6 gewonnen. De tweede omloop moesten we tegen Ried dat hebben we met 5-2:6-4 gewonnen. De derde omloop moesten we tegen Wommels en dat hebben we heel spannend gemaakt. We stonden 3 eersten voor en het werd 4-4 en toch gewonnen 5-4:6-4. Voor ons gevoel was dat al de finale.

Maar nu bleven we staan. En dan nog de finale tegen Makkum 5-0:6-0 verloren. Maar wij zijn super blij met de tweede prijs. En hebben feest gevierd bij Selma in de tuin, dat was super leuk.

Jeska, Selma en Mirjam



Opslach ôfstannen 2013

Categorie	KNKB		Federatie	
	Meisjes	Jongens	Meisjes	Jongens
Afstand	in meters	in meters	in meters	in meters
Welpen (8 en 9 jaar)	12	14	10	11
Pupillen (10 en 11 jaar)	15	18	13	15
Schooljeugd (12 en 13 jaar)	18	22	16	19
Meisjes (14 t/m 16 jaar)	21		18	
Jongens (14 t/m 16 jaar)		26		22

Oprichte yn 1904
KF Easterein



Jongereinkommisjeleden 2013

Hans Kooistra	Foarsitter	0515 - 331560
Carin Ypma	Skriuwer	0515 - 332307
Joke Wiersma	Kontakt teamlieders	0515 - 332784
Liesbeth Bootsma	Alg/fasilitaire saken	0515 - 331358
Riemy Kamstra	Alg/fasilitaire saken	0515 - 332670
Gep Bakker	Alg/fasilitaire saken	0515 - 332919
Annette Kroondijk	Kompetytsje saken	0515 - 332112

Pripperkes om te witten...

- Earste kompetysje jûn = **7 maaie**. Lêste kompetysje jûn = **27 augustus**.
- Graach alle jeugdleden harren eigen mailadres trochjaan oan de ledenadministratie: leden@kfeasterein.nl
- Kompetysjekaartsjes by Annette Kroondijk bringe op Koaifinne nr. 3 foar sneitejûn **20.00 oere**.
- **Allinnich bûtenleden** meie harren opjaan fia de mail foar de kompetysje, ek **sneitejûn foar 20.00 oere**: aj.kroondijk@hetnet.nl
- De **kompetytsje jûn** is wer de **tiisdeitejûn** en we begjinne om **19.00 oere**. Graach 5 minuten fan te foarren der wêze.
- As jim fuort gean te keatsen federaasje as KNKB meie jimme altyd in klubshirt ophelje bij Akke Jikke van Berkum, Dobbelân 4. Mei de eigen ledenpartijen meie der net klean oan fan de feriening.
- Geane jimme fuort te keatsen, meie jim sels wol in ferslach as foto stjoere nei de webmaster fan de KF Easterein. Dan wit elkenien oan it ein fan 'e dei hoe't jimme spile ha: webbehear@kfeasterein.nl

Priiswinners

kompetytsje 2012

Kabouters

- 1e Niels Janssen, 84 punten
- 2e Siebo Boersma, 80 punten
- 3e Redmer Stegenga, 75 punten

Welpen famkes

- 1e Corrie Kroondijk, 96 punten
- 2e Roelie Kroondijk, 95 punten
- 3e Nadja Sixma, 75 punten

Welpen jonges

- 1e Halbe Willem Overal, 56 punten (7x wûn)
- 2e Marc Janssen, 56 punten (5x wûn)
- 3e Bauke Reijnhoudt, 41 punten

Pupillen famkes

- 1e Jeska Terpstra, 89 punten
- 2e Selma de Boer, 80 punten
- 3e Julia Paauw, 68 punten

Pupillen jonges

- 1e Kees v/d Horst, 64 punten
- 2e Rutger Wiersma, 62 punten
- 3e Jeljer Overal, 57 punten

Skoalfamkes

- 1e Gea Hofstee, 51 punten
- 2e Janieke Dijkstra, 37 punten
- 3e Jildou Couperus, 28 punten

Skoaljonges

- 1e Jorrit Veldman, 18 punten



Alder-bern-partij

Hasto meardere broerkes of suskes en mar 1 heit en mem? Of hast in heit as mem dy bang foar de bal is? Mar do wolst fansels wol graach meidwaan oan de âlder-bern partij.... no dat kin!

We wolle dit jier de âlder-bern partij iets oars opsette as ferline jier, want it bliuwt fansels wol in bytsje lestich ast in heit as mem te min hast (as tefolle broers en sussen) mar do hast wol in pake, beppe, nicht as omke dy mei dy keatse wol.

Mar hoe dan? Der wurdt dan in kear net striden om krânsen en prizen, mar om de ear! Leuk en gesellich 3x keatse tsjin in partoer dat ûngefear like goed as dyn partoer is. En dan nei de tiid noch even mei syn allen neigenietsje fan dy moaie boppeslach en dy dikke blunder yn it tuskenspul ûnder it genot fan in hapke en in drankje. Want it liket ús leuk om mei it jild wat we oars brûke foar de krânsen en de prizen, der mei syn allen in gesellige keatsmiddei foar eltsenien fan te meitsjen! Foar jimme is der wol in leuke herinnering oan in hooplik ûnferjitlike keatsmiddei!

(Lytse meidieling foar de âlders, de opset bliuwt wol âlder-bern partij. De regel fan in oar famyljelid is allinne bedoelt ast it echt net oars slagget. Wy fertrouwe dêryn op jim sportiviteit! Doel is dat it net altyd draait om prizen, mar ek om ienigens yn de sport!)

Teamlieders per kategory

As teamlieder binne je mei de kompetysje it oansprekpunt foar de bern. Ek as je as âlders fragen ha kinne jo nei de betreffende persoan ta stappe.

De TK (Technyske Kommisje) is mei de kompetysje ek op de fjilden te sjen. En sawol de teamlieders as de TK sjogge dan wa der al fuort kinne te keatsen, sawol federaasje as nei de KNKB. De bern as âlders kinne de TK altyd fragen stelle, want ek elk TK-lid hat syn eigen kategory.

Kabouters	Liesbeth Bootsma (JK)
Welpen	Annette Kroondijk (JK) en Marije Hiemstra (TK)
Pupillen	Joke Wiersma (JK) en Romine Jelsma (TK)
Skoaljeugd	Riemy Kamstra en Hans Kooistra (JK)
Famkes/jonges	Gep Bakker (JK)
Skoafamkes/Famkes	Jelte de Boer (TK)
Skoaljonges/Jonges	fakatuere (TK)

Keatsweetjes | Regels...

- Nei de kompetysje freegje we de bern sels harren perk op te romjen.
- Fanôf de skoaljeugd wurde der elke wike 2 bern oanwiisd om de fjilden mei te lizzen, hjir sit altyd in hiel soad wurk yn en lere de bern ek dat in fjild net samar leit.
- Mei de kompetysje hat elkenien in funksje, opslager, foarynse of efterynse.
- Mei de trainingen yn de hal as fjild, **ferplicht ôfmelede** by de trainer. Dit bart no noch fierstente min en is tige lêstich foar de trainer dy't op it oantal bern wol in training makket.
- Op tiid oanwêzich wêze mei de trainingen.
- Goeie ynset en sportiviteit.
- Spylje it spultsje mei dyn maat/maten sa dat jimme in goed en foaral gesellich partoer wurde.
- Gjinn raar gedrach en skellerij op de fjilden.
- Elkenien hat goeie sportklean en goeie skuon oan. Wa der ien hat nimt de keatswant mei.
- Lit gjin rommel efter yn de klaaiboksen en op it fjild.

Sportief coachen = winst

